

PARSEBERJOCHT

Bûntskildere werklikheid. Oantinkens oan de skriuwer Trinus Riemersma

Literêre skiednis dreaun troch libbene ferhalefertellerij

Amsterdam, 16 oktober 2020

Op har omtrint-80-ste stoot Antsje Swart de skriuwerij yn mei oantinkens oan de begjinnende skriuwer Trinus Riemersma. Syn *rite de passage* as keunstner krijt syn beslach tsjin 'e eftergrûn fan in fluch feroarjende agraryske kultuer dêr't in generaasje lilke jonge manlju 'realistysk' skriuwe wol, ek al set bûten Fryslân it postmodernisme yn, en de tradisjonele rol fan de skriuwersfrou. Hy soe in boek skriuwe dat de bibel oerstallich makke, rôp er; sy soe him helpe, gniisde se.

'It paradigma 'elke Fries is in dichter' stie Trinus osa yn 'e wei,' seit Swart. Want kwaliteit makke gjin ferskil; taalstriid wie it kritearium—net keunst. Dat it Frysk stjert twong har om opnij te betinken wat keunst is en hoe't immen keunstner wurdt. It feroarjende konsept fan 'skriuwer' komt foar't ljocht yn in noftere, soms skrinende, ferljochtsjende, oangripend earlike kronyk oer harren besykjen as skiuwers-pear. Wis wie in bestseller in biljet om oan 'e earmoed en kristlikens fan 'e bouhoekedoarpkes te ûntsnappen. *Fabryk*, in romantyske oanklacht tsjin de ûnferskillige maatskippij, waard bejubele. Mar mei *Minskrotten-Rotminsk*, in donkere satire, helle Riemersma de fuery fan it doarp oer har hinne.

Tusken de krantelju en de typstra's dy't op it skandaal ôfsjitte besiket it pear om 'himsels' te bliuwen, Riemersma just yn lestige sosjale situaasjes sûnder in sprissel stribjen nei de leave frede en Swart mei in poppe oan it boarst wylst de boer fierderop troch de kiker loert.

Froulju waarden net ferûndersteld súksesfol te wêzen, noch om hár ferhaal te fertellen, lit stean in 'full disclosure' te jaan. Mar *Bûntskildere werklikheid* groeide sûntsjes: foar in part literêre skiednis en foar in part minskeleafde, mei fûnkjes humor en dreaun troch treflike ferhalefertellerij. Oandwaanlik binne passazjes oer hoe't de jonge skriuwer fêstrint yn syn sênes en de âlde garde him dan út de brân helpt: 'Sju, dizze kant kinst ek op, moast net dalik dit, en dat kin dêr dan komme en dan komt alles klear.'

Lêzers sille de oantinkens ryk en weardefol achtsje, oft hja no genieters fan memoires binne, Trinus Riemersma-fans dy't witte wolle wat syn oarsprongsstoarje is, of wa ek dy't útsjocht nei in libbensferhaal mei moed, fernimstigens, 'froulike' beskiedenheid en in hiel eigen optyk.

Auteur: Antsje Swart
Titel: Bûntskildere werklikheid
Undertitel: Oantinkens oan de skriuwer Trinus Riemersma
Utjouwer: Grotesk, Amsterdam, oktober 2020
ISBN: 978 90 825762 5 2
Priis: € 15,00

==== Understeande is net foar publikaasje! =====

Grotesk. De earste en iennichste útjouwerij foar Fryske eksperimintele literatuer en krityske essees.
www.grotesk.site

[Hjir fine jo de press kit:](http://grotesk.site/presskit/antsje-swart-parsepakket/) grotesk.site/presskit/antsje-swart-parsepakket/

Foar mear ynformaasje en foar fotomateriaal:

Friduwih Riemersma, Boomstraat 32d, 1015 LC Amsterdam

020 693 86 31, friduwih@grotesk.site